

# Fragen

skreaun foar de Trûbadoersjûnen fan 2006

ik pak al jierren om mei nut en doel fan 't libben  
ja, út en troch falt my it libben swier  
ik kin der neat oan dwaan, it slacht my yn de ribben  
en dan sykje ik it mar yn bearenburch en bier  
en al sit ik der dan noch sa stevich op te stinnen  
it ropt allinne mar noch mear fragen op  
no hoopje ik dus mar dat jim dêr wat mei kinne  
miskien wit ien fan jim wat op dy fragen yn myn kop

G - C  
G – D7  
G - C  
G – D7 – G  
C - D  
C - D  
Bm - Em  
A – D7

kearsang: fragen,fragen,  
fragen dêr't ik wat fan krij  
fragen,fragen,  
alle dagen wer opnij

G – C  
G – D  
G – C  
D7 – G

wêrom krije hjir tusken al dy hinneboeren  
no krekt myn trije lytse pykjies fûgelgryp?  
en myn kompjoeter dy docht it alle oeren  
mar wêrom slacht hy dan op tilt as ik yn google typ?  
gean ik mei in selskip op bûtenlânske busreis  
wêrom klaut de douane krekt MYN koffers leech?  
en smulle alle oaren lekker fan it oktopusfleis  
wêrom fljocht dan by my it maachsoer fuort omheech?

kearsang:

wêrom moatte alle hûnen krekt by ús op stoepe skite  
sjoch ik it wer te let en ha it oan 'e klomp  
wêrom wolle fisken yn myn ies noait ris bite  
is myn bûsmês altyd wei, of stikken, stiif of stomp  
wêrom lûkt de reek, at sy by buorman barbeknoeie  
altyd krekt by ús troch it iepensteande rût  
wêrom wol 't kaptaal dat ik garje mar net groeie  
lit ik de boel, de boel en brek der tuskenút

kearsang:

ach werom soe'st altyd wer dy fragen stelle  
It is net oars en it giet sa as it giet  
Dus wa it wit dy mei it my fertelle  
As't friest is't kald en as't reint is it wiet  
Derom wol ik hjir no graach offisjeel ferklearje  
Dy libbensfragen stelle hat gjin sin  
Wolsto dat miskien ek mei my probearje  
Want ik leau net da'k it allinnich kin

kearsang: